

## Verhaal 88

It hienen seis moaie dagen west yn Sint Petersburg. De musea (mei Rembrandt!), de lange winkelstrjitte, de metro, de parken, de tsjerken dy't gjin tsjerke mear wienen en de tsjerken dy't it wer op 'e nij wienen. Yn ien fan 'e tsjerken hienen wy sjoen dat in jonkje doopt waard. Allinnich prysters en amtners fan de tsjerke wienen der by, en fansels de mem. It jonkje gie hielendal ûnder yn it wetter. De mem stie der by te gûlen. De iennichste minsken dy't wy yn de hiele stêd koenen wienen de minsken fan it hotel, de gids, en de leden fan it reisgroepke.

Op it fleanfjild stienen wy yn de rij om yn te checken. Dêr tikket my ien op it skouder. In man laket my ta. Hy seit: "Jo hjirre ek, dûmny?" Echt wier, yn Sint Petersburg, yn it Frysk. Ik sjoch him oan, laitsje ek in bytsje, en kin net oars sizze as: "Ja, ik bin hjir ek.....Mar jo kenne my, liket it wol".

"Seker. Jo preekje wolris by ús."

Dan wol in mins mear witte fansels. Wêr mei dat wêze? De man fertelt wêr't wy elkoar wolris yn tsjerke treffe. Hy wie yn Ruslân foar saken. Hy hie krekt yn de omjouwing fan Moskou west, wie mei de trein nei Sint Petersburg kommen en soe no wer nei hûs ta.

In pear wike letter moast ik nei dy man syn tsjerke te preekjen. Ik woe by de Skriftlêzings eefkes wat oankundigje: "Ik wol jim aanst wat fertelle oer in doperij yn Sint Petersburg en oer in skilderij fan Rembrandt yn de Hermitage. Wy hawwe dêr koartlyn in pear dagen west. Op it fleanfjild tikke in man my op it skouder. Hy sei, dat er hjirre by jim yn tsjerke komt. Is er der hjoed miskien ek."

Ik seach wat om my hinne. Der wie in frou dy't eefkes de hân opstuts. Der siet net ien njonken har.

"Jo kenne it ferhaal?" frege ik har.

"Ja, ik wit der fan."

"Is it jo man miskien?"

"Ja, dat is er."

"Is er miskien no wer op reis?"

"Nee", sei hja, hy hat de gryp.

Elke kear as ik wer yn dy tsjerke kom sjoch ik even om my hinne. Hy sit der altyd njonken syn frou.

Dan laitsje wy elkoar wer even ta.

Ds. Piet Beintema

Dokkum